

Oan de leden fan it Selskip
Jannewaris 2023

Eala!

By dizze in ledebrief fan it bestjoer fan it Obe Postma Selskip (OPS).

Earst even werom sjen: op 20 oktober 2020 wie der in gearkomste fan OPS yn'e mande mei Tresoar (lunchlêzing): Wenje yn it lânskip.

It bestjoer hie him ynspirearre litten troch it wurk fan Obe Postma, de 'dichter fan it Fryske lân.' Yn in pear moaie bydragen waard dúdlik hoe aktueel it ûnderwerp is.

Der binne plannen foar mear wentebou yn Fryslân. Dêrby is it needsaaklik dat der wurke wurdt út in fyzje op lânskip en romtlike oardering wei.

De 'geast' fan Obe Postma wie yn der seal troch de deklamaasje fan in pear fersen troch Jantien de Boer.

OPS hat it inisjatyf nommen om fruchtber te praten en te dwaan over de takomst fan it lânskip, oaren gean der mei fierder.

En no foarút sjen: wolle jo de datum fan **18 maart, 14.00 oere** reservearje foar de ledegearkomste fan OPS (yn Tresoar).

It bestjoer is wakker dwaande mei it tarieden fan in moaie middei. Oek de Jong, de srkiuwer, hat syn meiwurking tasein. Letter mear oer it programma fan de ledegearkomste.

OPS hat wat jild krigen fan de Provinsje foar it by de tiid hâlden fan de reachside (website). Jelle Cnossen fan Drachten is der wakker mei dwaande. (www)....

De ynkkomsten fan OPS komme benammen fan it ledejild. Mear leden betsjut mear ynkkomsten. Wolle jo ris om jo hinne sjen nei minsken dy't lid wurde wolle? Graach!

Ta einsluten: taheakke is in 'knop' (OPS jan 2023.mp3). Benijd nei de ynhâld? Klik foar it begjin fan in nije tradysje?
(lûdsprekkers oan ...)

Mei golle groetnis,
it bestjoer Obe Postma Selskip

Lútsen Kooistra foarsitter
Romke Boskma ponghâlder
Rimmer Mulder skriuwer
Pieter Tuinman algemien lid